

**Utnûging** foar de gearkomste op **sneon 9 okt. 2021**, de middeis om 13.30 oere yn **Oranjehotel**, Stasjonswei 4, Ljouwert.

**Wurklist, notulist: Rinse Spits**

1. **Iepenjen**,
2. **Meidielings en ynkommen stikken**.
3. **Ferslaggen** fan 12 okt. 2019, 30 nov. 2019, 4 jan. 1 febr. 2020 en 18 sept. 2021 (bylagen).

#### **4. Maatskippijfoarm yn it Waadgebiet troch Meindert Schroor**

**Skoft**

5. **2<sup>e</sup> helte fan de lêzing**
6. **Omfreegjen**
7. **Sluten**

**Data 2021:** 29 okt. (steateseal), 6 nov.(gen.dei), 27 nov. (70e jierboek)

Dr. Jabik van der Bij (skriuwer.)


**Hâld rekken mei covid-kontrôle: QR-koade of printe-intingsbewiis of testbewiis.  
Melde by de baly.**

**Belangstellenden** binne fan herte wolkom op dizze gearkomste! **Tagong fergees**

## **Maatskippijfoarm yn it Waadgebiet**

It noardlik kustlân hie in mobile mienskip. Meindert Schroor sil omtinken jaan oan de spesifike maatskippijfoarm yn it Waadgebiet (Fryslân/Grinslân) en hokker ynfloed soks hân hat op de migraasjeskiednis fan Fryslân en Grinslân mei út en troch in útstapke oer de grins mei Dútslân. Ek hokfoar ûndersyk der fierder nedich is komt oan de oarder. Gjin genealogy lykwols, mar fral demografysk. Foar genealogen tige nijsgjirrich om de maatskiplike eftergrûnen fan eardere Fryske generaasjes kennen te learen. It wurdt grif in boeiend ferhaal.

*Meindert Schroor (Hârn, 1955), studearre sosjale geografie oan de RU Grins (1972-*



*1979). Hy is hjoed-de-dei selsstannich sosjaalgeografysk en histoarysk ûndersiker yn Ljouwert en portefeullehâlder fan de Kultuerhistoarje fan de Waddenakademy. Schroor publisearre sûnt 1976 in protte populêr-wittenskiplike boeken en artikels, benammen oer it lânskip, de wettersteat, de kartografy, de ekonomy, de demografy en oer de skiednis fan stêden yn Fryslân en Grinslân. Ferskate publikaasjes fan Schroor ha in priis wûn.*



*Tegearre mei syn frou Klazien Schroor-Dijkstra hat Schroor yn Ljouwert it eigen geografysk- en histoarysk ûndersyksburo, Varenius.*